

Fraach 5.4 (oan de dielnimmers oan it staveringsoerlis persoanlik):

Hoe soenen jim de ûndersteande wurden skriuwe en wêrom? Ik jou myn betinken der fuort by, jou gerêst oan oft jim jim yn myn redenaasjes fine kinne.

a. 'boesgroen', op basis fan it besibbe 'boezeroen', mar 'bûsgroen' op basis fan it folle bekendere synonym 'overhemd'.

b. 'woexsen', as doetiid, mar 'wûksen' as mulwurd op basis fan útsûndering b;

c. 'folwûksene' op basis fan 'volwassene' (mar dat jout in ûnwinsklik ferskil mei 'woexsen').

d. 'kûse' op basis fan 'slapen', of is dit sa'n frjemd wurd dat aanst fia in list beregele wurdt en bliuwt it dan 'koese'?

e. 'roeie' sil wol mei in 'oe' bliuwe fanwegen 'roeien', mar hoe sit dan mei it besibbe 'roeikje', dat net in Nederlânske wjergader hat? Ik besykje om de regels ta te passen en net myn eigen subjektive logika ta te passen en kom der dan net út. En ik tink dat as 'roeie' de betsjutting 'in barensnood liggen' hat, ik op basis fan de foarstelde nije regel net oars kin as 'rûie' skriuwe. Dat liket my tige ûnwinsklik ta.

f. 'bûk' en 'bûkebeam', fanwegen 'beuk' en 'beukenboom', mar 'boekel' fanwegen 'boekel', want dat stiet yn it WNT as in Nederlânsk wurdt. Of moat ik nei 'beukenoot' sjen, want dan is de skriuwwise fansels 'bûkel'.

g. 'stoef' of 'stûf', ik soe opsykje moatte oft dat in Nederlânsk wurd is.

h. 'hoenear' op grûn fan 'hoe' of 'hûnear' op grûn fan 'wanneer'?

i. 'brûs' fanwegen 'douche', mar as ik him út 'e badkeamer weihelje en op 'e giter set, dan ynienen 'broes' fanwegen it Nederlânske 'broes'?

j. 'bloeske' fanwegen it Nederlânske 'bloes' of 'blûske' op grûn fan it Nederlânske 'blouse'?

l. 'doe' fanwegen 'toen' of 'dû', ek fanwegen 'toen', want ik wit net oft dy doch aardich ferskillende wurden wol oaninoar besibbe binne. Of hoecht dat net om it 'dúdlik oerienkomstige standertnederlânske wurd' te wêzen?

m. 'tûfe' fanwegen 'kuif' of 'toefe' fanwegen 'toef(je)'?

n. 'poeste' op grûn fan 'poesten' (Assepoester), mar 'wynpûst(er)' of grûn fan 'windvlaag'?

o. 'koereur' of 'kûreur'? As de nije regel foarrang krijt op de regels foar frjemde wurden (of as dy ôfskaft wurde), dan it lêste, oars it earste.

p. 'toerist' of 'tûrist'? Eins deselde fraach.

q. 'poep' foar 'Dútser' is neffens it WNT ek Nederlânsk, dus yn it Frysk 'poep'. Mar wat wit soks. En wat dogge wy mei 'poepetoer', dêr't ik fuort gjin Nederlânske wjergader fan betinke kin? En 'poepsk'?

r. 'Doezelen' is Nederlânsk, dus Frysk 'doezelje'? Mar 'dûzelich' is 'duizelig'. Wolle wy dat ferskil? En wat dogge wy mei 'dûzje'?

s. Is 'kloek' foar sunich ek Nederlânsk? Gjine idee. Sa net, dan wurdt it yn it Frysk 'klûk'.

t. 'Foerazjearje'. Dizze liket my as iennichste fan it rychje nochal maklik. Yn it Nederlânsk skriuwt 'foerageren' mei 'oe', dus dogge wy dat neffens de foarstelde nije regel yn it Frysk ek. Mar al hoe't der yn it lêste staveringsoerlis (13 jannewaris 2014) redendield is oer de skriuwwise fan it wurd, dy simpele ferklearring haw ik neat heard.

u. 'Poes' fanwegen it Nederlânske 'poes', mar hoe sit it dan mei 'poeke' en 'poeky'? Neffens Frits van der Kuijp binne dat ek Nederlânske wurden, mar ik bin dêr net sa wis fan.

Wurkje by dizze opdracht yn twatalen. De ûndersteande tekst stiet grôtfol flaters. Ferbetterje se. Hâld foar de stavering de offisjele regels fan 2015 oan. Hâld yn alle oare gefallen de noarm oan dy't brûkt wurdt yn it learmateriaal fan de Afûk. Besykje om inoar út te lizzen wêrom't jim korreksje nedich is. Feroarje neat dat wol goed is.

Do seidest datst de tekst net koest lêze, om't dizze skreaun is yn it Ald-Frysk. At dat sa soe wêze, dan soedest him yndied net lêze kinne. Dan kaam er nammentlik út 'e Midsiuwen. Aldfrysk is it Frysk dat brûkt waard oant lykernôch 1580. Do hast no in kollum foar dy fan de ferneamde lange stikken skriuwer Douwe Tamminga, dy net allinne literêr warber wie en full time en part-time by de Fryske Akadeemje wurke, mar ûnder de titel *Op 'e Taelhelling* ek een hiel soad nijsgjirriche stikken skreaun hat yn 'e Ljouwerter Krante. Skriuwer-wittenskipper Tamminga produsjearret it fersoarge, dichterlike Frysk fan in betûft taalkeunstner út it midden fan 'e tweintichste iuw. Dat is yn ús eagen in wat Alder Frysk, mar sa spektakulêr ferskilt it no ek wer net fan de literêre kultuer taal fan hjoed de dei.

De âldman syn Frysk is fansels wyldseauwich. It skriuwer wêzen, it Frysk wêzen, it moast yn 'e generaazje fan ús oerpaken en -beppen affisjearre wurde, de skjintme en de rykdom fan it Frysk moast yn elk stikje tekst oantoant wurde. Sokke moaiskriuwerij hjeart by de moade fan in oare tiid en guon jonge studinten Frysk binne ynearsten spoekbenauwd as se tentaminjearre wurde oer Tamminga syn skriuwerij. Hja binne wend oan in skriuwstyl dy't mear to-the-point is, koarter-om-'e-hoeke, sakeliker. De moderne ZZP-er hat it net oan tiid en prakkesjearje dagen lang op in stik om. Dy is al bliid as er wer in A4ke út'e printer rôlje litte kin. At Tamminga dat dan betytelje soe as 'barge-Frysk'? Faaks soe er sizze dat de fantasij-leaze skriuwerstaal fan ús tiid-genoaten it krompraat fan 'e televizje neibauwt en dat sok drokke-stikjes-skriuwers-Frysk 'beart as skourde klokken'. It soe samar kinne.

Notearje achter elk wurd op hokker plakken oft it ôfbrutsen wurde kin, as it oan 'e ein fan in rigel stiet.

Foarbyld:

daamshikke *daams - hik - ke*

krantsje (lytse krante)

krantsje (tiidwurd)

stúsjekoard

dookje

autoke

autootsje

teoretysk

sjongeres

siedsje

siedzje

frustraasje

bliuwe

tichelje

rûzje

bûzjy

teology

matras

kiezerslegitimaasjekaartsje

folksjonge

Meitsje de ûndersteande opdrachten yn twatallen. Komt dat net út, dan kin in trijetal ek.

A. Hokker wurd moat op 'e puntsjes stean? Kiest hieltyd de krekte foarm.

- 1 Se wist net mear krekt ... se dat dwaan moast. HOE / HOE'T
- 2 ... sokke dingen wurkje, is my noch altyd net rjocht dúdlik. HOE / HOE'T
- 3 ... soenen jo dat sa dwaan? WÊROM / WÊROM'T
- 4 ... dat sa moast, wit ik ek net. WÊROM / WÊROM'T
- 5 Se koe net komme, ... se siik wie. MEI / MEI'T
- 6 Op 'e iepen dei komme de measte minsken ... de bus. MEI / MEI'T
- 7 ... it net kin, kin it better litte. DY / DY'T
- 8 ... kin it net, dus dy kin it better litte. DY / DY'T
- 9 Is dat no it lân ... jim altyd oer prate? DÊR / DÊR'T / WÊR / WÊR'T
- 10 Ik wit net ... er hinne giet. DÊR / DÊR'T / WÊR / WÊR'T
- 11 It wit it plak net ... er hinne giet. DÊR / DÊR'T / WÊR / WÊR'T
- 12 ... er wennet, wit ik net. DÊR / DÊR'T / WÊR / WÊR'T
- 13 ... er wennet, binne in soad beamwâlen. DÊR / DÊR'T / WÊR / WÊR'T
- 14 Op it plak ... er wennet, binne in soad beamwâlden. DÊR / DÊR'T / WÊR / WÊR'T
- 15 ... de dyk it lân omklammet, leit myn âlderhûs. DÊR / DÊR'T / WÊR / WÊR'T

B. Lis sa ienfâldich mooglik oan dyn partner út:

1. hoe'tst yn sin 1-8 de kar makke hast tusken de foarm mei en sûnder '_t_';
2. hoe'tst oan Frysktalige minsken útlizze kinst wannear't se de '_t_' brûke moatte;
3. hoe'tst oan net-Frysktalige minsken útlizze kinst wannear't se de '_t_' brûke moatte;
4. hoe'tst yn sin 10-15 de kar makke hast tusken de fjouwer foarmen;
5. Hokker systematyk oft dêryn sit.